



Wat in rommel!

Emily Gravett (Afûk, 2023)
Oerset troch Hermien van der Meer
ISBN 978-94-93159945

Oer it boek

In eksterpear bout in nêst foar harren prachtige aaikes. Al gau miene se dat in gewoan nêst net goed genôch is en se komme mei fan alles en noch wat oansetten, it spul wurdt hoe langer hoe grutter, sels in auto wurdt nei it nêst tôge, oant...

Tema's

Rommel en opromje, bewarje of wer brûke, ôffal, jonge bisten, nêst, fûgels



‘Wat in rommel!’ fan Emily Gravett giet oer in eksterpear dat hieltyd mear guod sammelt yn har nêst. Oant it net mear te hâlden is! Rommel en opromje: tema's dêr't ek mei pjutten al fan alles oer te dwaan is. Yn dizze lesbrief fynst fragen by it boek ‘Wat in rommel!’, in ferske, tips foar nifeljen mei ôffal, in opromkaart... In soad wille!

Prate oer it ferhaal

- Oer wa giet dit ferhaal? Wat dogge se?
- It nêst fan de eksters wurdt hieltyd grutter! Wat komt der allegear by? Wêrom wolle se hieltyd mear?
- Is it allegear rommel? Wat soesto ek wol meinimme wolle? En wat net?
- Wat bart der as de auto der boppe-op komt?
- Alles is nei ûnderen fallen... Wêr wurdt it dêrnei foar brûkt?
- Wêr binne de aaikes fan de eksters bedarre?

- Hoe soene de eksters de oare kear in better nêst meitsje kinne?

Dwaan: Nei bûten!

Printsje de ôffalkaart út en gean nei bûten! Nim in grutte pûde mei en romje yn jim buert alle ôffal op dat jim fine kinne en dat net yn 'e natuer of op strjitte heart. Blikjes, fleskes, pûdsjes, doppen... alles mei yn 'e tas. Wat fine jim allegear? Set in krús troch it plaatsje op de rommelkaart! Op de kaart kinne jim ek noch byhâlde hoefolle jim fan alles fûn ha.



Boartsje

Wat moat wêr?

En wat moatte jim no dwaan mei alle ôffal dy't jim fûn ha? Wat heart wêr?

Meitsje fjouwer bakken/doazen: ien foar papier, ien foar metaal, ien foar glês en ien foar rest-ôffal (lykas plestik).

Freegje by al it ôffal dat jim fûn ha oan de bern yn hokker bak se dat dwaan moatte en doch it dêryn. Ha jim ek noch guod fûn dat net yn ien fan de fjouwer bakken kin? Wêr moat dat hinne?



Opsizze

'Hjoed is 't himmeldei', seit heit.

*'Mei in pûde, hop nei bûten,
pak mar alles wat dêr leit.'*

Blikjes, flessen, sels in styk:

wy smite alles yn 'e tas.

't Is wer skjîn hear, op 'e dyk!



Sjonge

Ferske 'De rommel' mei filmke

Rommel, rommel, rommel,
der leit rommel op 'e dyk.
Rommel, rommel, rommel,
in pûdsje en in blik.

Wa rommet dy rommel op,
rommel op, rommel op?
Wa rommet dy rommel op?
Dat doch ik!

Foar it filmke

Scan de QR-koade



Nifelje

Smyt dyn ôffal net fuort, mar meitsje der wat moais fan! Sa kinst nifelje mei karton, bierdoppen, plestik doppen, lege flessen, blikjes of pakken (karton) ensf. Hjirûnder wat ideeën op in rychje.

Blik

Fan in grut blik, kleurd papier of ferve en in stik tou of lint kinst in moaie tromme meitsje, dy'tst om 'e nekke hingje kinst! En fan lytse(re) blikjes kinst blompotsjes meitsje. Dan hast it tou of lint net nedich.



Aaidoaze

Meitsje fan in lege aaidoaze, ferve en chenille-ried in rûp. Knip ien rige aaidopkes út de doaze, draai om (de holle kant ûnder) en fervje de rûp moai op. Plak of fervje der noch eachjes op en meitsje mei chenille-ried de antennes op de kop fan de rûp.



Kroankoark

En mei karton en bierdoppen kinst samar muzyk meitsje! Tear in reepke karton (sa breed as in bierdop) dûbel en plak oan beide úteinen oan de binnenkant in bierdop. Kinst de kastanjetten ek noch fierder fersiere fansels, meitsje der bygelyks in bist fan.




Wc-rôle

Stimpelje in moai skiepkje mei in lege wc-rôle en ferve! Tekenje earst de kop en de poaten fan it skiepkje. Doop de útein fan de rôle yn 'e ferve en stimpelje dêrmei de wol fan it skiepkje. Fansels kinst der ek oare dingen fan stimpelje, lykas blommen.

Opromje? Print de Rommelkaart út!



Boeketips by it tema



Pykje fjouwer

Lida Dykstra & Ina Hallemans

Tik tik tik. Trije aaien yn it skriezenêst binne al út. Mar it pykje yn it fjirde aai kin de dop net stikken krije... Hoe komt it mei Pykje Fjouwer? Pykje Fjouwer is in oade oan it Fryske lânskip. It boek is ek yn it Nederlânsk te krijen.



Molly, Aukje & Jelmer

Catherine Rayner


Molly de hazze is gek op ferstopperke dwaan... mar Aukje de ûle en Jelmer de foks ha harren in bytsje te goed ferstoppe! Wêr kinne se toch wêze?



Kwek Kwek Minemyn

Hindrik van der Meer & Aizo Betten

Yn dit boek is in samling fan de bekendste bisteferskes dy't Hindrik van der Meer yn 'e rin fan de jierren makke hat, byelkoar brocht mei de noaten en akkoarden derby. Sjonge en spylje mar!



Tomkes foarlêsfeest

*Auck Peanstra & Riemkje Pitstra
Luuk Klazenga*

In prachtich foarlêsboek mei aventoeren fan Tomke en syn freonen. De ferhalen binne yndield op tema's dy't ticht by de belibblingswrâld fan bern steane.



Lês mar foar!

Alle boeken binne te keap yn de Fryske boekhannel en op websjop.afuk.frl.